

Om eat te berikken
moatte jo earst wat
besykje

Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

Twadde Tak

'Ophâlde foardat it in nachtmerje wurdt. It is in ferstannich beslút. Jemoatte rêel wêze'

[pagina 3>](#)

Keunstrûte

Kitty Bertelink kan haar fantasie en creativiteit helemaal kwijt in het maken van foto's

[pagina 13>](#)

Wolkom Feest

Hester Sytsma út Easterlittens wint Amalia-priis en giet mei har famylje nei Spanje

[pagina 15>](#)

Wybo Smids ferleit syn grinzen mei De Brekbere Sirkel

Weidum – Oan it toanielspyljen en yn de spotlights stean is er sa stadichoan wol wend. It Binnenloftspul yn Weidum, it Sinteklazemearke yn Winsum en it Iepenloftspul yn de notaristún yn Jorwert. Foarstellings op in fêste lokaasje, feilige plakjes. Sûnt begjin febrewaris makket Wybo Smids út Weidum diel út fan in reisgjend selskip. Hy hat in haadrol yn it muzykteaterstik De Brekber Sirkel. „It is wat oars. Ik ferlis myn grinzen.“ Kommen-de freedtejûn docht it selskip It Dielshûs yn Wommels oan.

Troch Hinne Bokma

Mar yn dat selskip fan profesjonals, lykas Tet Rozendal, Gurbe Douwstra en Tsead Nauta, fiele Wybo him as in fisk yn it wetter. „It is my allegearre hiel bot tafallen. Dit is no ek in feilige wrâld wurden“, sa jout er oan. „It is in prachtige freonenploech. Ik ha in klik mei Tet krigen. Je moatte alle jûnen op in nij it ferhaal beleve.“ Dat ferhaal is bêst heftich. De Brekbere Sirkel is in Frysktalige oersetting fan it Flaamske toanielstik The Broken circle breakdown, dat yn 2009 en 2010 yn Belgje foar folle sealen soarge. Ek yn ús lân wie it stik in sukses. Marijke Geertsma fan J&Mteaterwurk kaam ûnder de yndruk thús en fûn dat der wat mei it stik dien wurde moast. Se



De spilers fan De Brekbere Sirkel mei twadde fan rjochts Wybo Smids. Neist him Tet Rozendal.
Foto: Rina Swart-Jousma.

fûn har man Jan Arendz oan har side. Geertsma sette it stik oer yn it Frysk, Arendz wie ree de rezjy op him te nimmen. Foar de froulike

haadrol waard Tet Rozendal frege en foar de manlike haadrol waard in berop dien op Wybo Smids. Gurbe Douwstra, Tsead Nauta,

Wander van Duin en Jan de Vries binne de muzikanten. De Brekbere Sirkel fertelt it ferhaal fan Didier (Wybo) en Elise (Tet) Se

spylje beide by in countryband en krije in ferhâlding. Harren dochter Maybelle krijt kanker en komt te ferstjerren. Didier is dwers troch alles hinne, sit fol wrok. Elise siket treast. Se fiele de pine fan it gemis fan har dochter, mar wol tidens it ôskiedskonsert noch ien kear der alles úthelje. It muzykteaterstik sit fol mei dramatyske sênes en soarget foar emoasjes. „Dan sjogge je dat de bandleiden ek reade eagen hawwe“, sa fertelt Wybo.

Grutte wrâld

Meidwaan oan it stik fan Tet Rozendal jout Wybo somtiden it gefoel dat er de grutte wrâld fan it teater ynstapt. Optrede mei Tet, dan kinst wat. Dan dochst der ta. Wybo is der de man net nei om dat fan himsels te sizzen. „Ik wol net arrogant wêze.“ Wybo (1970) spilet no yn fer-skate teaters en doarpshúzen yn Fryslân. Bygelyks yn Hijingum en Hantum. Mar ek yn de Harmonie yn Ljouwert. Doe't dêr efkes foar de foarstelling de senuwen opspilen tocht er oan Griet Wiersma. Tidens in Music Night, doe't him itselde gefoel beкроop, sei Griet tsjin Wybo: „set him op, it komt wol goed.“ „Dêr moast ik yn de Harmonie even oan tinke.“ Kaarten binne te bestellen op <http://itdielshus.nl/agenda/tet-rozendal-de-brekber-sirkel/>. De foarstelling begjint om 20.00 oere.

CDA in Littenseradiel weer de grootste, gevoelig verlies voor PvdA

Wommels - Bij de Tweede Kamer-verkiezingen heeft het CDA in Littenseradiel de meeste stemmen behaald. In deze gemeente hebben 1795 mensen hun stem op deze partij uitgebracht. Daarmee verwierf het CDA een kwart van alle stemmen.

Als tweede eindigde de VVD met 1422 stemmen (19,9 procent). Op de vaste wal was Littenseradiel de gemeente met het hoogste opkomstpercentage: 86,7 procent. Een kiezer stemde blanco en een stem werd ongeldig verklaard. Evenals in andere gemeenten was de PvdA in Littenseradiel de grote verliezer. De socialisten behaalden



Gezellige drukte op het stembureau in de Helling in Winsum.

slechts 628 stemmen (8,8 procent). In 2012 trok de PvdA nog 2104 stemmen (31,4 %). In 2012 moest het CDA met 1331 stemmen zowel de PvdA als de VVD voor laten gaan. Bij de verkiezingen van vorige week behaalde de VVD 1422 stemmen, vijf jaar geleden waren dat er 1519 stemmen. De partij met de meeste winst in Littenseradiel was Groen-Links. Behaalde de partij van Jesse Klaver in 2012 nog 144 stemmen, nu ging het om 638 stemmen. Ook winst voor D66, die van 358 naar 688 stemmen ging en de SP, die nu 637 stemmers trok tegen 540 in 2012. De PVV kreeg in Littenseradiel 503 stemmen, in 2012 waren dat er 295. De ChristenUnie

behaalde deze keer 225 stemmen (168 in 2012). Zowel op Denk als op GeenPeil werden slechts twee stemmen uitgebracht.

Demi Adely uit Tzum naar NK Judo in Leek

Norg – De veertienjarige Demi Adely uit Tzum, lid van Sportcentrum Akkermans, wist zich afgelopen zaterdag tijdens de districtskampioenschappen judo tot 81 kilo in Norg te plaatsen voor de Nederlandse kampioenschappen. Demi werd in haar klasse derde. De Nederlandse kampioenschappen zijn op 8 april in Leek.



Timmer- & Aannemersbedrijf
van Ruiten
OOK STALLING MOGELIJK

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Al 20 jaar uw
haar onze zorg



't Kappershûs

www.kappershuis.nl

Tel : 0515 - 413372



ALLICHT

- Verlichting • Lichtadvies
- Onderdelen • Elektronica

www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl

Oud kerkhof 6 - 8601 EE - Sneek



Lytse Doarpen
Rintoelt
25 / 40 km

Zaterdag 22-04-2017 in SPANNUM
www.lytsedoarpenrintoelt.nl